

It kin samar wêze

skreaun foar it program "It Grutte Grynd" fan Ratatette yn 2000

ik moat der net oan tinke op sa'n sânplaat yn it leech Dm Ab
en 't wetter fan de see dat komt ynienen bot omheech Dm Ab
sûnder help yn sicht, wurd ik dêr kletstrochwiet en kâld C D Gm A7
en mei't wetter oan 'e lippen, nim ik ôfskie fan de wrâld Gm F E7 A7
dan sjit it troch my hinne hoe 't it eartiids by ús wie Bb F C7 F
hoe 'k hoasfuotlings op it kleedsje foar de waarme kachel stie Gm Bb A7
hoe't ús ploechje kampioen waard fan it strjitte-volleybal Gm F C7 F
ik moat der net oan tinke, mar dat doch ik no dus all Bb F E7 A7

refrein:

*mien no mar net der kin my neat oer komme F# C#7 B C#7
want foardatst it witst dan is it safier F# B F# C#7
bist altyd te let, bist altyd de domme B F# B F#
ien flits en do sitst mei de hannen yn't hier C#7 B C#7 F#
elke dei kinsto oer rampen wol lêzen D#m A#7 D#m
dan stiet wer foar immen de wrâld op 'e kop D#m A#7 D#m
dus spot der net mei, it kin samar wêze G#m B F#
dan hast it te nimmen, dan hâldt alles op B A7 E7 A7*

ik moat der net oan tinke: yn sa'n tunnel mei sa'n trein
dy't dan ynienen stil stiet mei in skok troch elke wein
panyk en fjoer en reek, wa wit yn tsjuster wat er docht
'k sykje 't ein fan dizze tunnel, mar nearne sjoch ik ljocht
wylst ik smoar yn fize dampen tink ik oan dy frijerij
op fakânsje doe op Flylân, as in film komt it foarby
wat libben wy doe lokkich, mar dat liket no te let
ik wol der net oan tinke, mar dat slagget my dus net

refrein:

ik moat der net oan tinke: dêr yn Ljouwert yn dy toer
silst mar wurkje by Achmea en der komt in fleantúch oer
nee help, hy komt net oer, hy fljocht hjir regeljocht op oan!
ien klap en alles skoddet, ien stik fjoer, 't is net gewoan!
wylst ik flechtsje nei it rût, sjuch ik mysels no sa't ik bin
wêr ha'k my drok om makke, ja, wat hie it eins foar sin
wat haw ik dochs in tiid fergriemd en 't libben is sa koart
ja, no 't it net mear kin, no wit ik hoe't ik libje moat!

refrein: